

## Karopdracht

Ast mear witte wolst oer it Goatysk, dan kinst dat op ynternet fine ûnder 'gotisch'.



- 4 Fan wa is der in Goatyske bibel bewarre?
- 5\* Wat betsjut: 'Atta unsar þu in himinam'?
- 6\* Skriuw op watst fûn hast oer de Goaten.

### Hunsinger Codex

Hast de hiele Noardseekust bylâns oant Denemarken ta, is Frysk praat. Ut bepaalde hoeken dy't no ta Grinslân of Dútslân hearre, binne Fryske rjochtshânskriften bewarre. Hjir in stikje Aldfrysk út de saneamde 'Hunsinger Codex' (± 1300):

Tha alle fresa skipad weren, tha leweden hia hoc hira sa erest thene lond gong nome thet hia ene pic tunna bernde end tha otherum ther mithe kethe thet hia lond gung nimen hede.  
Thi other kere alra fresena, gef ther eng lond ur herad urde, ovder fon tha sutherna sereda, ieftha fon tha northeska wiszegge, thet tha sex tha sogenda hulpe thet hit alsa wel machte sa thera sex hoc.  
Thi thredda kere ief thera sogen se londa eng welle vn riuchte fara liude ravia ieftha morth sla, thet tha sex thet sogende thuinge thettet elle riuchte fare.  
Thi fiarda kere hwersama wif halat mith horne and mith lude mith dome and mith drechte thet hiu emmer scolde afne stolt bi sitta.

- 7\* Besykje dit stikje Aldfrysk te lêzen. Set dêrnei in pear sinnen oer nei ús Frysk. As dat allinnich net giet, kinst dat ek dwaan mei in ploechje oare learlingen.

1550-1800

### Midfrysk

It Aldfrysk lit men meastal trochrinne oant 1550. Dêrnei komt it Midfrysk fan 1550 – 1800 en dêrnei prate wy oer it Nijfryske tiidrek, dat fierder ûnderferdield wurde kin. Doe't nei 1498 it Frysk net mear de offisjele skriuwtaal wie, bleau it op it plattelân as sprektaal yn gebrûk. De Renêssânse brocht net allinnich klassike skriuwers wer yn de belangstelling, mar ek de eigen taal en it eigen folk. Underskate skriuwers brûkten Frysk yn har skriuwerij, mar de wichtichste skriuwer fan it Midfryske tiidrek is de Boalserter skoalmaster Gysbert Japicx (1603 – 1666). Nei syn dea ferskynde yn 1668 syn sammele wurk ûnder de titel 'Friesche Rymlerye'. It wurk bestiet út trije dielen: *Ljeafid in Bortlycke mingel deuntjes* (leafdeslyryk), *Gemiene aef Huwzmannen petear, in ore katerye* (lichtfuottige, moralisearjende twaspraken) en *Hymmelsch Harp-luwid* (geastlike lieten).

- 8 Wannear prate wy oer it Aldfryske tiidrek?
- 9 Wannear is it Midfryske tiidrek?
- 10 Wannear ferdwûn it Frysk as skriuwtaal?
- 11 Wannear kaam de belangstelling foar it skreaune Frysk wer werom?
- 12 Wa wie de wichtichste fertsjintwurdiger fan it Midfryske tiidrek?
- 13 Hoe hjit it boek dêr't alle wurk fan Gysbert Japicx yn sammele is?

- 14 Karakterisearje de trije dielen dêr't dat wurk út bestiet.  
 15 Wannear libbe Gysbert Japicx?  
 16 Wêr wenne Gysbert Japicx?

### Gysbert Japicx

Hjir folget in part fan in fers fan him:

1	3
<p>Wol-komm' freugde fenne Wrâd,          Haed-ljeacht oerre Stierren,          Griente, Kruwd in Blomme-Fâd,          Mietter fen uwz jieren,          Hijmmel-eag dy't al oer-sjocht,          Dy uwz Dauwe in Miste'ontjocht,          Dy uwz 't fjild bemiellet,          Ja mey goud oer-striellet.</p>	<p>'k Sjog de Nacht al rju forfleyrn,          Mey sijn bruyne wjuecken          Alle man dy rijst oer-eyn,          In begjint t'ontluwcken,          d'Yene pluwgget, siedet, eyd't,          d'Ore Schiep en Ky forweyd't,          Elck iz drock ijn roeren,          Om sijn dwaen to stjoeren.</p>
2	4
<p>Kersse' in Laempe fenne Dey,          Uwle-fijnne' Yz-teyer,          Moude-stuwwer, Droegge-wey,          Nacht- in Froast-forjeyer,          Ljeapper oer it wiet in 'druwgh,          Ruwn-om-rinner, nummer sluwg          Yer in let allinne          Wol-komm' wol-komm' Sinne.</p>	<p>Alle Djier, forhuwgge, sit,          Rint, fljukt, ljeapt in donset,          Brinsget, dertten, boeyte wit,          Blerret, bôllet, gonzet,          Eyn in Gies ijn't wetter sljuerckt,          't Wijlde Fuwggelt tureluerckt,          Libbje 'ijn free in resten,          Boeyte scheel in lesten.</p>

- 17\*Set it earste en it lêste kûplet oer yn it Frysk fan hjoed de dei.  
 18 Der is wolris diskusje oer goed en minder goed Frysk. Lis út dat de wurden 'dieren' en 'bisten' beide wol goed Frysk binne, ast nei Gysbert Japicx sjochst.

Gysbert Japicx libbe op 'e skieding fan Renêssânse en Barok. As literêr keunstner kin er ferlike wurde mei Nederlânske tiidgenoaten as Camphuysen en Revius, as taalpionier en taalskepper rint syn betsjutting lykop mei dy fan Hooft, Huygens of Vondel. Syn grutte fertsjinste hat west, dat er fan in lytsachte taal in literêr ynstrumint makke hat. Oare Fryske dichters fan betsjutting hat de 17<sup>e</sup> ieu net opsmiten en ek yn de 18<sup>e</sup> ieu binne der mar inkelden oan te wizen dy't de tradysje fierder droegen hawwe. Pas yn de 19<sup>e</sup> ieu wie it Gysbert Japicxfeest fan 1823 oanlieding ta in nij elan.

- 19 Wat wienen de 'kollega's' fan Gysbert Japicx yn de Nederlânske literatuer op it gebiet fan taalskepping?  
 20 Wat hat it grutte belang west fan Gysbert Japicx?